

# TOMKE®

**Jierferslach 2013**

Jiergong 17

Tema keunst



# Ynhâldsopjefte

|  |           |
|--|-----------|
| <b>Foaropwurd</b>  | <b>3</b>  |
| <b>1. Algemiene ynformaasje oer de doelstelling en organisaasje fan it Tomke-projekt</b> | <b>4</b>  |
| Wa is Tomke? Wat is it Tomke-projekt?  | 4         |
| Materialen foar pjutten en opfieders   | 4         |
| Ynformaasje foar professionals   | 4         |
| Organisaasje fan it Tomke-projekt  | 5         |
| Finansiering   | 5         |
| <hr/>  |           |
| <b>2. Ferslach oer de aktiviteiten sa't dy konkreet yn 2013 plakfûn hawwe</b>            | <b>6</b>  |
| Tema keunst  | 6         |
| Aktiviteiten foar en mei pjutten   | 6         |
| Ynformaasje foarsjenning en materialen foar professionals                                | 8         |
| Materialen foar pjutten en opfieders   | 9         |
| <hr/>  |           |
| <b>3. Leden fan de Tomke-wurkgroep 2013</b>  | <b>10</b> |
| <hr/>  |           |
| <b>4. Tomke finansjeel ferslach 2013</b>   | <b>11</b> |
| <hr/>  |           |
| <b>Taheakke</b> Oersjoch fan de partisipearjende organisaasjes                           | <b>12</b> |

# Foaropwurd

Sûnt 1996 wurdt mei it Tomke-projekt wurke oan taal- en lêsbefoardering yn Fryslân. Doel is de Frysktalige lêskultuer dy't bern yn de foar-en ierskoalske leeftyd omjout, te befoarderjen. Mei help fan it Tomke-projekt krije âlders en oare opfieders aktueel en oansprekkend Frysk materiaal yn hannen, in wichtige betingst as it giet om it ta stân bringen fan in meartalige taalomjouwing. Uteinlik sil dit de taalúntwikkeling en it lêsgedrach fan de bern stimulearje, sawol yn it Frysk as yn it Nederlânsk.

Tomke hat yn de rin fan syn bestean al fan alles belibbe. Yn 2013 hat er him dwaande holden mei keunst. Sûnder de grutte ynset fan ferskate organisaasjes hie dit net mooglik west. De bydrage fan subsydzjefte (de provinsje Fryslân en hast alle gemeenten yn Fryslân) is ek fan krusiaal belang foar it meitsjen fan Tomke-materialen en it útfieren fan de aktiviteiten foar pjutten en harren opfieders.

De Tomke-wurkgroep betanket alle subsydzjefte en elkenien dy't op hokker wize dan ek bydroegen hat, foar harren bydrage. Sûnder dat kin Tomke gjin avontieren belibje en kin it Tomke-projekt net de needsaaklike hanfetten en ympulsen fersoargje dy't nedich binne foar in meartalige omjouwing. Wy binne bliid om jo hjirby it ynhâldlik ferslach en de finansjele ferantwurdling oan te bieden.

De koördinatoaren fan it Tomke-projekt,

Gertrud Palstra (BSF)  
Carolien ter Schuur (Afûk)



# 1. It Tomke-projekt

## ***Wa is Tomke? Wat is it Tomke-projekt?***

It Fryske Tomke foarlês- en taalstimulearringsprojekt, it Tomke-projekt, hat dizze namme om't alle materialen en aktiviteiten basearre binne op ferhalen oer de pjut Tomke. Tomke is in jonkje fan trije jier dat allegearre aventoeren belibbet mei syn hûntsje Romke, Kornelia de Kangaroo (mei har boekebûdel) en it buorfamke YanaYu. Se prate allegearre Frysk.

It Tomke-projekt rjochtet him op bern van 2 o/m 4 jier en harren opfieders. It projekt wol âlden en liedsters fan pjutten ynformearje oer it brûken fan taal yn 'e omgong mei jonge bern. Foarlêze, ferskes sjonge, (taal)spultsjes en oandacht foar de deistige saken binne wichtich foar it lizzen fan in goede taalbasis. Dat jildt foar alle talen, dus ek foar it Frysk: bern dy't harren memmetaal goed behearskje, kinne makliker in oare taal leare. Ut ferskate wittenskiplike ûndersiken docht bliken dat lêsbefoarding in goede taalûntjouwing ta gefolch hat. In goede taalûntjouwing en meartaligens hawwe in geunstige ynfloed op de kognitive en sosjaal-emosjonele ûntwikkeling. Goede taalfeardigens hat ek in positive ynfloed op it súkses op skoalle.

It Tomke-projekt hat as doel de Frysktalige lêskultuer dy't bern yn de foar- en ierskoalske leeftyd omjout, te befoarderjen om úteinlik de taalûntwikkeling en it lêsgedrach fan de bern te stimulearjen, likegoed yn it Frysk as yn it Nederlânsk.

## ***Materialen foar pjutten en opfieders***

In wichtige opdracht foar it Tomke-projekt is it ûntwikkeljen en oanbieden fan Frysktalich materiaal dat yn in meartalige foarskoalske omjouwing brûkt wurde kin. Oer it generaal hawwe pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen net in soad middels foar materiaal en (by)skoalling as it giet om it kreëarjen fan in Fryske taalomjouwing. It Tomke-projekt foarjocht dêryn. Troch it (foar)lêzen yn de Fryske taal en it brûken fan eigentiidske materialen, wurdt in ferantwurde basis lein foar de taalûntwikkeling fan pjutten. Dat jildt net allinnich foar Frysktalige bern, ek by net Frysktalige bern hat bliken dien dat dizze oanpak goed wurket om op in noflikke wize yn 'e kunde te kommen mei de Fryske taal. It materiaal noeget út om fuort te brûken. Dat befoarderet de akseptaasje by it grutte publyk en it brûken dêrfan as middel foar taalûntwikkeling yn in meartalige omjouwing. De ferskate uterings (lykas it Tomke-boekje, de tv aventoeren en de Tomke-website) binne ynhâldlik op inoar ôfstimd. Dat befoarderet werkenning en makket de akseptaasje sterker.

## ***Ynformaasje foar professionals***

Foar liedsters, meiwurkers en oare professionals dy't harren dwaande hâlde mei it jonge bern binne der de jierlikse Tomke-ynspiraasjejûnen, de Tomke-nijsbrieven en de Tomke-website [www.tomke.nl](http://www.tomke.nl). De ynspiraasjejûnen binne ornearre foar it oerdragen

fan kennis. De Tomke-nijsbrief befettet ynformaasje oer aktiviteiten en nije materialen. Boppedat is ek de Tomke-website in wichtige ynformaasjeboarne.

## ***Organisaasje fan it Tomke-projekt***

It Tomke-projekt wurdt struktureel yn 'e gaten holden en trochûntwikkele troch in gearwurkingsferbân fan ferskate organisaasjes, dy't der tiid, minsken en enerzjy ynstekke. It projekt stiet ûnder tafersjoch fan it PLF (Platfoarm Lêsbefoarding Fryslân).

De algemiene projektkoördinaasje is in mienskiplike ferantwurdlikheid fan de Afûk en de Bibliotheekservice Fryslân. Dêrby hat de Bibliotheekservice Fryslân in algemiene koördinearjende taak, fersoarget de subsydje-oanfragen, it jierferslach en de finansjele ferantwurdiging. Boppedat nimt BSF it inisjatyf foar it program foar de biblioteken.

De Afûk koördinearret de ûntwikkeling en produksje fan de materialen, ûnderhâldt de kontakten mei de ferskate doelgroepen en fertsjintwurdigers fan de ynstellings, fersoarget de korrespondinsje en de notulen, hâldt de fuortgong yn de gaten en ynspirearret de minsken fan de wurkgroep. Foar de útfiering fan it projekt is in wurkgroep aktyf. Dizze wurkgroep komt 8 kear yn it jier byinoar en draacht yn grutte mate by ta in goede ôfstiming en kontinuïteit fan de ferskate aktiviteiten. De Tomke-wurkgroep bestiet út fertsjintwurdigers fan de partisipearjende organisaasjes. De BSF leveret

de foarsitter foar dizze wurkgroep, de Afûk fersoarget it sekretariaat. Troch de kontinuïteit yn de útfiering, wurdt it Tomke-projekt op hannen droegen – troch pjutten, âlden, pakes en beppes en liedsters fan de pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen. Binnen it projekt wurde regelmjittich nije materialen ûntwikkele en beskiber steld foar pjutteboartersplakken, bernedeiferbliuwen, biblioteken en thús. Trochdat it oanbod foarsjocht yn in ferlet, wurde de oplages alle jierren grutter.

Taheakke 1 jout in oersjoch fan de partisipearjende organisaasjes en de leden fan de wurkgroep.

## ***Finansiering***

Yn 2013 ûntfong it Tomke-projekt subsydje fan de Provinsje Fryslân en hast alle gemeenten yn Fryslân, te witten;

Achtkarspelen, It Bildt, Boarnsterhim, Dantumadiel, Dongeradiel, Ferwerderadiel, Gaasterlân-Sleat, It Hearrenfean, Kollumerlân, Ljouwert, Ljouwerteradiel, Lemsterlân, Littenseradiel, Menameradiel, Opsterlân, Skarsterlân, Súdwest-Fryslân en Tytsjerksteradiel. By de oanfragen foar subsydje by gemeenten is de hichte fan it oanfrege bedrach basearre op it tal ynwenners fan de oanbelangjende gemeente. Boppedat waard ek troch de Afûk, BSF, Omrop Fryslân en Partoer in finansjele bydrage levere. Yn haadstik 3 fine jo it finansjele ferslach en ferantwurdiging oer 2013.

## 2. Ferslach fan it jier 2013

### Tema keunst

It tema foar 2013 wie 'keunst'. Dat betsjut dat 'keunst' as kapstok brûkt is foar de ferhalen yn de Tomke-boekjes en alle oare aktiviteiten.

Krekt as yn foargeande jierren binne der binnen it Tomke-projekt trije ynfalshoeken te ûnderskieden, dat binne aktiviteiten foar en mei pjutten, aktiviteiten foar en mei opfieders (âlders en professionals) en it ûnwikkeljen fan materiaal foar in meartalige omjouwing yn de foarskoalske perioade.

### Aktiviteiten foar en mei pjutten

- De Fryske Foarlêswike
- Tomke yn de biblioteken;
  - Nationale Voorleesdagen
  - mei Tomke op de foto
- Tomke op de televyzje
- Foarstelling 'Help ... in oaljefant' en 'De Hutselfrutsel'
- 'Tomke-wrâld'
- 'Tomke-app'

### De Fryske Foarlêswike

Begin juny is het foarlêswike 'Wat in keunst!' ferskynd. Dat boekje waard fergees útdield en foarlêzen tidens De Fryske Foarlêswike. Yn de perioade fan 3 juny o/m 7 juny 2013 waard op 375 (2012-382) lokaasjes foar berneopfang of pjutteboartersplakken foarlêzen.

De measte lokaasjes hawwe mear as ien groep. It foarlêzen barde yn 23 gemeenten, ferspraat oer 248 pjutteboartersplakken (2012-250), 127 bernedeiferbliuwen (2012-132) en 57 gastâlders (2012-60). Meiinoar is der oan 680 groepen pjutten foarlêzen. Yn in protte gemeenten wie it resultaat 100% dat wol sizze dat alle boartersplakken en deiferbliuwen meidien hawwe. Yn 2013 is foarlêzen oan goed 12.400 (2012-12.500) pjutten, ynklusyf 500 ukken yn de Stellingwerven.

It Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse organisearre it foarlêzen en it útdielen fan de Tomke-boekjes yn De Fryske Foarlêswike. Om it foarlêzen mooglik te meitsjen, wienen der mar leafst 500 entûsjaste foarlêzers aktyf. In team fan 58 kontaktpersoanen keppele per gemeente de foarlêzers oan de ferskate lokaasjes.

### Tomke yn de biblioteken

Fan it begjin fan it Tomke-projekt ôf binne de Fryske biblioteken behelle by it Tomke-projekt. Tusken it geweldich grutte Nederlânsktalige aanbod fan de lanlike programma's hat Tomke yn de biblioteken syn eigen plakje fûn.

By ferskate aktiviteiten foar de foarskoalske perioade waarden Tomke-materialen brûkt en/of útdield.

Tidens de Nationale Voorleesdagen yn jannewaris koenen de pjutten mei harren âlders of pakes en beppes yn de bibliotek it boekje 'In prachtich skilderij' ophelje.

Der waarden mar leafst 3.500 útdielboekjes fergees ferspraat. Tidens dizze aksje waarden âlders ynformearre oer meartalich grutbringen en de mooglikheid bern o/m 16 jier fergees lid te meitsjen fan de bibliotek.

Tidens it Fertel & Foarlê Festival yn de earste twa wike fan juny organisearren 27 biblioteken de aktiviteit 'Mei Tomke op de Foto'. Dêrfoar waarden libbensgrutte Tomke-kostúms mei in heech 'aaiberensgehalte' ynset. Sawol troch de bern as harren âlders waard dizze aktiviteit tige wurdearre. Der waard ek foarlêzen en de bern krigen it Tomke-boekje mei nei hûs.

### Tomke op de televyzje

Foar de televyzje waarden 18 nije Tomke-ferhaaltsjes skreaun noch Riemkje Pitstra en Auck Peanstra. Luuk Klazenga fersoarge de yllustraasjes en de stimmen waarden ynsprutsen troch Tamara Schoppert en Douwe de Bildt. Feije van der Meer van Omrop Fryslân fersoarge de opnames en hie de einredaksje yn hannen. De nije Tomke-ôfleverings waarden útstjoerd yn en om De Fryske Foarlêswike hinne en yn de rest fan it jier wienen werhellings te sjen. Alle wykeinen is der by Omrop Fryslân 'Tomke-tiid' te sjen, in programma foar pjutten mei Tomke yn de haadrol.

### Foarstelling 'De Hutselfrutsel'

De foarstelling mei Tomke yn de haadrol slút oan by it tema keunst mar past ek goed by tema's oer kleur en

foarm, de sintugen en muzyk.

Yn de foarstelling wol Tomke in Hutselfrutsel foar syn jierdei hawwe. Kornelia wit wa't dat meitsje kin, de poppemakker. Underweis nei de poppemakker barre der fansels allegearre nuvere dingen.

De foarstelling duorret likernôch 30 minuten en kin spile wurde yn boarterslokalen fan bernedeiferbliuwen, pjutteboartersplakken, biblioteken ensfh. De bern wurde aktyf belutsen by it ferhaal. De belangstelling foar de foarstelling is grut!

### Tomke-wrâld

'Tomke-wrâld' (Tomke-wereld) is in ynteraktive site foar pjutten, ûnderbrocht by de webside oer Tomke. Yn de Tomke-wrâld is fan alles te finen foar pjutten. It skerm is sa ynrjochte dat lytse bern (fan twa jier ôf) hiel maklik mei de mûs oer it skerm navigearje kinne. It is in kleurich gehiel, mei gelûd, printeboeken mei beweegjende bylden, kleurplaten, puzzels, foarlêswike, lietsjes, taalspultsjes en nifelwurkjes om te downloaden. De tema's fan Tomke-wrâld waarden regelmjittich oanpast oan tema's dy't passe by de tiid fan it jier en by de tema's dy't brûkt wurde op de bernsintra.

### Tomke-app

Geskikt foar de Ipad is de Tomke-app. Dizze is fergees te downloaden yn de Appstore fan Apple. De app is bedoeld foar pjutten en bestiet út trije Tomke-boekjes op rym. De bylden bewege en it ferhaal wurdt foarlêzen. Nei elts ferhaal kin it bern in spultsje dwaan.

## Ynformaasje foarsjenning en materialen foar professionals

- Tomke-nijsbrief
- Tomke-ynspiraasjejûnen
- Website [www.tomke.nl](http://www.tomke.nl)
- Tomke en de Sânglêsrige

### Tomke-nijsbrief

De nijsbrief foar professionals ferskynde yn 2013 trije kear. De nijsbrief waard yn in oplage fan 750 stiks ferstjoerd nei alle pjutteboartersplakken en bernsintra en de jeugdkonsulinten fan de biblioteken. De nijsbrief ynformearre harren oer aktiviteiten, nije materialen en oare saken oangeande Tomke en foarskoalske ûnderwerpen.

### Tomke-ynspiraasjejûnen

De ynspiraasjejûnen binne in aktiviteit fan de Tomke-wurkgroep. Einferantwurdlikheid foar de organisaasje wie yn hannen fan Stichting Partoer CMO Fryslân. De jûnen wienen spesjaal ornearre foar liedsters fan bernsintra en oare professionals. Foarhinne waard dizze aktiviteit (ûnder de namme Tomke-symposium) organisearre yn novimber. Om better oan te sluten by de Fryske Foarlêsdagen (juny) is de aktiviteit ferpleatst nei de moanne april. De jûnen stienen yn it teken fan it tema keunst en fûnen plak yn Stiens (kultureel sintrum de Skalm) en It Hearrenfean (museum Willem van Haren).

It programma bestie út de folgjende ûnderdielen:

- Iepening mei meiwurking fan Tamara Schoppert mei 'de keunst fan fertellen'.
- Foarlêspan; in ynteraktyf plein dêr't besikers troch Pabo-studenten fan de Noardelijke Hogeschool Leeuwarden ynformearre en ynspirearre waarden oer ynteraktyf foarlêzen. De nije materialen waarden ek op in kreative wize presintearre.
- Trije workshops, dat wienen: 'keunst yn de groep', keunst yn in tema' en 'wat in keunst'.

De jûnen en de nije opset waarden posityf wurdearre en troch hast 80 professionals besocht. Yn 2014 sil it konsept 'ynspiraasjejûn' fierder útboud wurde.

### Website [www.tomke.nl](http://www.tomke.nl)

Yn 2013 is de fernijde Tomke-webside online gien. Dêrtroch is de side no ek goed te brûken op in tablet of iPad. De webside bestiet noch hieltyd út spultsjes en ferhalen foar de bern (sjoch Tomke-wrâld), ynformaasje foar âlders én profesjonele opfieders. De webside rjochtet har op taal- en lêsbefoarding. De webside wurdt kontinu by de tiid hâlden en de ynhâld fan bygelyks de spultsjes, ferhalen, kleurplaten, wurkblêden en taalaktiviteiten wurdt geregeld oanpast oan ferskate tema's dy't passe by de tiid fan it jier en tema's dy't brûkt wurde op bernsintra. Fia de webside wurde digitale nijsbrieven ferstjoerd en is it nijs op Tomke mûd te finen. Fia de Tomke-Facebookpagina binne der mear as 700 minsken dy't geregeld nije berjochten fan Tomke krije.

Troch it tanimmend gebrûk fan tablets en it brûken fan de Tomke-app wie it tal besikers fan de Tomke-webside werom rûn. De âlde ferzje fan de Tomke-webside wurke

nammentlik net goed op in tablet. Tusken 1 jannewaris en ein oktober 2013 wie it tal (unike) besikers dan ek sa'n 700 yn 'e moanne. Troch de nije webside is it tal (unike) besikers fan de lansearring ôf op 25 oktober 2013 sa'n 1100 (unike) besikers yn 'e moanne.

### Tomke en de Sânglêsrige

De Tomke-wurkgroep naam yn 2003 it inisjatyf om te kommen ta de útjefte fan Frysktalige temabrosjueres. Dêrút ûnstie de Sânglêsrige as totaalprogramma foar pjutteboartersplakken, mei omtinken foar taalúntwikkeling, motoryk en oare úntwikkelingsgebieten.

Der binnen no 13 temabrosjueres (foar bern fan 2-5 jier) beskiber mei oantreklik ferwurkingsmateriaal, in hantlieding en in dvd. De tema's komme ek werom op de Tomke-webside.

### Materialen foar pjutten en opfieders

- Tomke-boekje 'In prachtich skilderij'
- Tomke-boekje 'Wat in keunst'
- Tomke-dvd
- Tomke-poster
- Tomke-fertelkoffer
- Heit en Mem

### Tomke-boekje 'In prachtich skilderij'

Tidens de Nationale Voorleesdagen yn jannewaris 2013 waarden troch de biblioteken 3500 eksimplaren fan it boekje 'In prachtich skilderij' fergees útdield oan de jongste bibliotekbesikers. It boekje bestie út in ferhaal, in opsisferske en in spultsje. Diskear wie Auck Peanstra de skriuwster, Luuk Klazenga fersoarge de yllustraasjes.



### Tomke-boekje 'Wat in keunst'

Tidens De Fryske Foarlêswike is it Tomke-temaboekje útdield. It foarlêsbokje ferskynde yn in Frysktalige, Bildtse en Stellingwerfse ferzje mei fjouwer ferhaaltsjes en twa stripferhalen. Boppedat hie it foarlêsbokje wer in protte yllustraasjes, twa opsisferskes, lietsjes, spultsjes, in praatplaat en in kleurplaat. Der wie ek ynformaasje yn opnommen oer it Tomke-projekt, Fryske printeboeken en oare media. It 28 siden tellende boekje waard foarmjûn yn de karakteristike Tomke-styl troch Monique Vogelsang. Krekt as foarhinne soargen de skriuwsters Auck Peanstra en Riemkje Pitstra foar de ferhaaltsjes. Lietsjes en ferskes wienen fan Geartsje Douma en de yllustraasje waarden fersoarge troch Luuk Klazenga en Linda de Haan.

It Tomke-boekje ferskynde begjin juny en waard fergees distribuearre fia it netwurk fan de biblioteken en konsultaasjeburo's. It grutste part waard útdield troch de foarlêzers tidens De Fryske Foarlêswike. De oplage wie foar de Fryske ferzje 32.000 eksimplaren, 1.050 yn it Bildts en 1.050 yn it Stellingwerfs.

#### Dvd

Der is in dvd produsearre yn in oplage fan 100 stiks. De dvd bestiet út 8 útstjoerings fan de 18 nije tv-aventoerkes fan Tomke.

#### Tomke-poster

De Tomke-poster mei dêrop de yllustraasje fan de foarkant fan it Tomke-boekje, makke wer diel út fan it oanbod. Dit jier waarden de posters ek wer ophongen yn biblioteken, pjutteboartersplakken, berneopfang, wachtkeamers, konsultaasjeburo's, gemeentehuzen en buerthuzen.

#### Fertelkoffer

Yn 2009 hawwe de pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen in Tomke-fertelkoffer mei allerhanne Tomke-materialen krigen. Lykas yn de foargeande jierren kaam der yn 2013 wer in oanfolling foar de koffer. Dat wienen de folgjende materialen:

- Tomke-dvd mei 8 aventoerkes
- in hantlieding mei les-suggestsjes by it tema 'keunst', kleurplaten en praatplaten

#### Heit en Mem

Heit en Mem is in twatalich (Frysk en Nederlânsk) tydskrift foar jongen âlders. Yn 2013 brocht de Afûk trije nûmers fan Heit & Mem út, dy't û.o. fia iepenbiere gebouwen, lykas biblioteken, oer de provinsje ferspraat waarden. It blêd jout ek omtinken oan nije materialen en eftergrûnynformaasje oer it Tomke-projekt, dêrtroch kinne beide programma's inoar fersterkje.

## 3. Leden fan de Tomke-wurkgroep

Yn 2013 bestie de wurkgroep út de folgjende leden:

- Gertrud Palstra / Bibliotheekservice Fryslân, koördinaasje
- Carolien ter Schuur / Afûk, koördinaasje
- Lineke Kuipers / Afûk
- Riemkje Pitstra / ûnderwiiskundige
- Mirjam van der Hoek / SFBO
- Mieke Vos / Cedin
- Partoer CMO Fryslân
- Feije van der Meer / Omrop Fryslân



## 4. Tomke finansjeel ferslach 2013

|  | jierrekken<br>2013 | begutting<br>2013 | jierrekken<br>2012 |
|--|--------------------|-------------------|--------------------|
| <b>LESTEN</b>                                |                    |                   |                    |
| <b>Materiaal</b>                             |                    |                   |                    |
| Tomke-boekjes, Frysk, Bildts & Stellingwerfs | 15.044             | 15.500            | 15.620             |
| Oare tomke-materialen                        | 2.564              | 3.000             | 4.276              |
| <b>Eveneminten</b>                           |                    |                   |                    |
| televyzje útstjoerings                       | 33.024             | 33.360            | 57.932             |
| Tomke-ynspiraasjejûnen                       | 15.783             | 5.500             | 17.294             |
| <b>Distribúsje</b>                           |                    |                   |                    |
| Kosten fan fersprieding                      | 129                | 1.500             | 226                |
| Jierferslach                                 | 374                | 1.000             | 505                |
| <b>Organisaasje</b>                          |                    |                   |                    |
| Burokosten / projektkoördinaasje Afûk        | 10.370             | 16.000            | 10.675             |
| Ekstra oeren Afûk                            | 6.020              |                   | 5.590              |
| Burokosten / projektkoördinaasje BSF         | 8.203              | 12.000            | 8.221              |
| Finansjele begelieding                       | 1.500              | 1.500             | 1.500              |
| Unfersjoen                                   | 214                |                   | 305                |
| <b>TOTAAL LESTEN</b>                         | <b>93.225</b>      | <b>89.360</b>     | <b>122.144</b>     |
| <b>BATEN</b>                                 |                    |                   |                    |
| <b>Subsydzjes</b>                            |                    |                   |                    |
| Subsydzje Provinsje                          | 24.990             | 24.990            | 24.500             |
| Subsydzje Gemeenten                          | 25.353             | 25.325            | 27.446             |
|  | <b>50.343</b>      | <b>50.315</b>     | <b>51.946</b>      |
| <b>Materiaal</b>                             |                    |                   |                    |
| Ferkeap Tomke- materialen                    | 1.525              | 2.000             | 3.212              |
| <b>Eveneminten</b>                           |                    |                   |                    |
| Entree dielnimmers Tomke-ynspiraasjejûnen    | 1.523              | 1.500             | 875                |
| <b>Organisaasje</b>                          |                    |                   |                    |
| Eigen bydrage dielnimmers                    | 39.835             | 35.545            | 66.111             |
| <b>TOTAAL BATEN</b>                          | <b>93.225</b>      | <b>89.360</b>     | <b>122.144</b>     |

#### Algemeine opmerkings

De begutting fan 2013 is basearre op de ferwachte subsydzje-yнкомsten. It oersjoch op dizze side wurdt publisearre yn it 'iepenbiere' Tomke-jierferslach.

## Taheakke Partisipearjende organisaasjes

### Platfoarm Lêsbefoarding Fryslân (PLF)

It PLF is in oerkoepeljend orgaan yn de provinsje Fryslân, mei as doelstelling it stimulearjen fan ûnderlinge gearwurking. De kearnzaak fan it PLF is it koördinearjen fan projekten foar taal- en lêsbefoarding. It PLF wol him ynsette foar in meartalich lêsklimaat yn de hiele provinsje en fungearret dêrby as oansprekpunt foar subsydzjeferlieners, polityk en beliedsmakkers. De lanlike Stichting Lezen – in wichtich pleitbesoarger foar de twadde rykstaal – nimt ek diel yn dit oerlisorgaan. Fan it PLF út wurde subsydzjeoanfragen yntsjinne en de fuortgong fan it Tomke-projekt yn 'e gaten holden. Bibliotheekservice Fryslân fersoarget it sekretariaat fan it PLF.



### Afûk - [www.afuk.nl](http://www.afuk.nl)


De Afûk hat as missy de Fryske Taal en Kultuer ticht by de minsken te bringen. Dêrfoar set de Afûk ferskillende middels yn, sa as: it oanbieden fan kursussen Frysk, it ûntwikkeljen en beskikber stellen fan Frysktalich materiaal en it (meiwurkjen oan it) organisearjen fan aktiviteiten wêrtroch de foardielen fan meartaligens yn it algemien en de kulturele wearde fan de Fryske taal yn it bysûnder ûnder de oandacht brocht wurde. Binnen it Tomke-projekt soarget de Afûk benammen foar it ûntwikkeljen en produsearjen fan materialen en it ûnderhâlden fan kontakten mei de doelgroepen en organisaasjes. Dizze wurkwize soarget foar effisjinsje en befoarderet de gearhing mei oare programma's.



### Bibliotheekservice Fryslân - [www.bf1.nl](http://www.bf1.nl)

Bibliotheekservice Fryslân stipet as provinsjale serviceorganisaasje de Frykse biblioteken by it útfieren fan harren wurk troch it dwaan fan fasilitearre tsjinsten, it ûntwikkeljen en oanbieden fan nije produkten en tsjinsten en troch lanlike projekten op provinsjale en lokale skaal oer te setten. De BSF fiert in aktyf belied om it lêzen yn it Frysk te befoarderjen.

Binnen it Tomke-projekt hat de BSF benammen in koördinearjende rol. It finansjele part fan it Tomke-projekt (fersoargjen fan de jierferslaggen, subsydzjeoanfragen) binne by BSF ûnderbrocht. De Tomke-aktiviteiten foar de biblioteken wurde troch BSF opset en koördinearre. It ferfier fan de ferskate Tomke-boekjes nei de biblioteken wurdt ek troch BSF regele.



### De gearwurkjende biblioteken yn Fryslân FBN – [www.ontdekdebieb.nl](http://www.ontdekdebieb.nl)

De provinsje telt yn 2013 sân biblioteekklusters;

- 1 Noardeast Fryslân
- 2 NoardWest Fryslân
- 3 Súdwest Fryslân
- 4 Midden-Fryslân
- 5 Súd Fryslân
- 6 Súdeast Fryslân
- 7 Smellingerlân



Yn de rin fan 2013 binne de klusters Súd Fryslân en Súdwest Fryslân fusearre. De nije organisaasje yn dizze regio hat de namme Mar en Fean.

Fan dizze organisaasjes út wurde de biblioteken (filialen), mediateken en lytse bybs oanstjoerd. Binnen it Tomke-projekt spilet it netwurk van biblioteken in rol by de distribúsje fan de Tomke-materialen, aksjes om Tomke hinne, it jaan fan ynformaasje oer meartalich opfieden oan âlders en fansels it beskikber stellen fan (foar)lêsmateriaal.

### CEDIN Taalsintrum Frysk – [www.cedin.nl](http://www.cedin.nl)

Taalsintrum Frysk is in ûnderdiel van Centrum voor Educatieve Diensten CEDIN. Hja hâlde har benammen dwaande mei meartalich taalbelied en stribje dêrby nei in lykwaardige posysje fan de Fryske taal. Binnen it Tomke-projekt tinkt CEDIN ûnder oare mei oer edukative aspekten fan it Tomke-barren.



### Stichting Partoer CMO Fryslân – [www.partoer.nl](http://www.partoer.nl)

As sintrum foar Maatschappelijke Ontwikkeling wurket partoer CMO Fryslân gear mei maatskiplike organisaasjes en oerheden oan in leefbere en feilige Fryske maatskippij. Binnen it Tomke-projekt fersoarget Partoer CMO de tariedings en útfiering fan it jierliks Tomke-symposium dat rjochte is op oerdracht fan kennis nei liedster en oare professionals.



### **Sintrum Frysktalige Berne-Opfang (SFBO)**

It SFBO is it ynformaasje-, kennis- en stipepunt op it mêd fan meartaligens en taalstimulearring yn de foarskoalske perioade. De provinsje Fryslân stelt SFBO yn de gelegenheid om pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen te stypje by it ûntwikkeljen fan in Frysk- of twatalich taalbelied.

It SFBO hat in permaninte fertsjintwurdiger yn de Tomke-wurkgroep. Har ynbring soarget der mei foar dat de ûnwikkele materialen goed oanslute by it ferlet fan de pedagogyske meiwurkers.



### **Omrop Fryslân – [www.omropfryslan.nl](http://www.omropfryslan.nl)**

De regionale televyzje fersoarget nijs en ynformaasje út en oer Fryslân, makket eftergrûnprogramma's, ûnspanning en muzyk. Foar bern is der alle jûnen in spesjaal programma. Yn gearwurking mei CEDIN fersoarget Omrop Fryslân skoalleútstjoerings foar radio en televyzje. Binnen it Tomke-projekt foarsoarget de Omrop foar it ûntwikkeljen en útsjoeren fan de Tomke-ôfleverings op televyzje.



Omrop Fryslân

### **Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse**

'It Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse' stipet de Fryske taal en kultuer. Yn gearwurking mei de Tomke-wurkgroep wol it 'Selskip' it lêzen en it foarlêzen in stimulâns jaan. It soarget dat foarlêzers en boartersplakken mei elkoar yn kontakt brocht wurde. Foar de foarlêzers wurde foarlêskursussen organisearre. Alle jierren organisearret It Selskip tidens it FFFestival 'De Fryske Foarlêswike'. De foarlêswike is in gearwurkingsprojekt tusken It Selskip en it Tomke-projekt. It doel fan it projekt is om alle jierren yn dy wike foar te lêzen oan pjuttten op pjutteboartersplakken, bernedeiferbliuwen en biblioteken. De organisaasje fan it foarlêzen leit yn hannen fan It Selskip. De materialen (boekje, poster, pr-materiaal) wurde fersoarge troch it Tomke-projekt.



### **De Thússoarch-organisaasjes**

De thússoarch-organisaasjes binne behelle by de soarch foar konsultaasjeburo's, begelieding, kontakten en kursussen. Hja binne der foar mem en bern. Binnen it Tomke-projekt spylje hja in rol yn it berikken fan jonge âlders troch distribúsje fan it Tomke-boekje.